



FERKIEZINGSPROGRAMMA 2022-2026



THÚS YN DE FRYSKE MARREN

'Frijheid blijheid' is sûnt minskeheugenis it motto fan de bewenners fan Fryslân, fanút de oertsjûging dat blijheid allinnich bestean kin at elk frij is. Wy stribje dus likefolle nei de frijheid fan in oar as nei dy fan ússels.

Frijheid om te wêzen wa't je binne en dat sjen te litten. **Wy libje yn solidariteit.** Frijheid om je eigen libben, je eigen omjouwing stâl te jaan. **Fan ûnderen op.** De beslútfoarming sa ticht mooglik by de minsken dêr't it om giet. Frijheid om te **wenjen wêr't je wenje wolle.** We wolle dat ús jongerein de kar hat om yn har eigen omjouwing wenje te kinnen. Frijheid fan sicht, fan útsjoch. **De romte is ús goud.**

Frijheid fan eigen taal en kultuer. Wy wenje yn in prachtich lân, yn in prachtige griene omjouwing, mei in hearlike romte om ús hinne.

Genietsje fan it libben yn ús moaie gemeente!



De Fryske Marren

YNKLOSYF

Yn it spier foar alle ynwenners fan De Fryske Marren.

FNP stiet foar Fryske Nasjonale Partij. Frysk Nasjonaal betsjut dat wy de belangen fan Fryslân en de Friezen behertigje. Elk dy't yn Fryslân wennet is yn ús eagen in Fries, makket net út wêr't je hikke of tein binne en wy binne der foar elkenien.

Fanselssprekkend hawwe plattelânsregio's faak deselde belangen. Dêrom wurket de FNP mei oare regionale partijen gear yn lanlik en Europeesk ferbân. Lanlik is dat de OPNL (Onafhankelijke Politiek Nederland), in platfoarm fan ûnôfhinklike regionale partijen. De OPNL (earder de OSF, 'Onafhankelijke Senaats Fractie') hat ien sit yn de Earste Keamer.

Yn Europeesk ferbân is dat de EFA (Europeeske Frije Alliânsje). De EFA stribbet nei maksimale selsbeskikking foar de folken en regio's yn Europa. Se sitte op it stuit mei 12 minsken yn it Europeeske Parlemint.

FAN ÛNDEREN OP

Beslútfoarming graach sa ticht mooglik by de minsken.

De FNP fynt dat de polityk (te) fier fan de ynwenners ôf stiet. De polityk moat mear nei de minsken/doarpen ta. De Fryske Marren beslacht in hiel grut gebiet, mei hiel ferskillende winsken.

De FNP tinkt oan trije wichtige saken: lit ús begjinne mei de jongerein. Bygelyks by wichtige ûnderwerpen wurkje mei jongerenpanels. Derneist tinke wy oan Dielrieden. En treds binne wy ek foar it foarmjen fan 'tafels': groepen fan belanghawwenden, fan foar- en tsjinstanners, wa't mar in rol yn de saak hat, om spesifike problemen fan ûnderen op oan te pakken.

De gemeente moat berikber bliuwe foar alle boargers, sawol digitaal as op papier. Net alle minsken hawwe digitale middels of binne digitaal betûft, drompels om yn kontakt te kommen mei de gemeente moatte weinommen wurde.

Dielrieden kinne foarme wurde op basis fan de geografy binnen ús gemeentegrinzen. Se kinne frege en net-frege advizen jaan oan de gemeenteried oer alles wat har gebiet oanbelanget.

De jongerenpanels en saneamde 'tafels' wurde foarme op basis fan tema's, bygelyks oer hingplakken, waarmtenetten of feangreideproblematyk. In inisjatyf dêrta kin fan ûnderen op komme, mar ek troch de gemeente opset wurde. Oan sokke tafels dogge alle belanghawwenden mei, om te begjinnen pleatslike bedriuwen en bewenners. Dat jout tagelyk de garânsje dat de winst dy't mei it oplossen anneks is yn de gemeente bliuwt. Fierder skowe oan de hân fan it tema ek natoerorganisaasjes en enerzjykoöperaasjes en alle mooglike oare foar- en tsjinstanners oan. Dy tafels wurde stipe troch de gemeente.

Foardat minsken dielnimme kinne, moatte se ynformaasje ha. In hiel soad minsken lykje har ôfkeard te hawwen fan de oerheid en it nijs en lêze de kranten net mear. We wolle jimme graach berikke en soargje dat jim meidogge en jim stim heard wurd. De gemeente kin dêroan ek in bydrage leverje. Tink oan oare kommunikaasjemiddels om ynwenners te ynformearjen sa as de digitale skermen yn supermerken.

WIIS MEI EIGEN TAAL, KULTUER EN EVENEMINTEN



Brûk dyn memmetaal, blinder!

Lit ús mei inoar op ús taal en kultuer passe, dy moat frij en ûnbehindere brûkt wurde kinne. Kultuer yn de brede sin fan it wurd stimulearret kreativiteit en soarget foar ferbining. Dêrom moat dielname hjiroan leechdromplich wêze. Mei mienskipssin kin dat trochgean. In soad ferieningen meitsje gebrûk fan doarpshuzen/wyksintra, mei-inoar drage se sa by oan de leefberens. De FNP wol de doarpshuzen en ferieningen stypje.

Us gemeente is ryk oan kultuer en sport. De gemeente befoarderet it gebrûk dêrfan. Yn dy kultuer wolle wy it Fryskeigene aktyf stimulearje, lykas Iepenloftspullen, toaniel en Fryske sporten. De FNP is foar in fiks jierliks bedrach.

It Frysk is yn De Fryske Marren in libbene taal, dat wy graach sa hâlde en sels ferbetterje wolle. Dat freget kontinu omtinken en aksje, ek fan de gemeente. De gemeente nimt dy ferantwurdlikheid en stimulearret dêr't se kin, benammen yn it ûnderwiis. Foar ús bern binne brede gearwurkingsskoallen fan belang foar it jaan fan goed ûnderwiis. Meartaligens (Nederlânsk, Frysk, Ingelsk) makket dêr ûnderdiel fan út.

Foar taal- en kultueroerdracht binne ferhalen wichtich. Wy wolle graach in grut projekt wêryn't fan benammen âlderen de ferhalen optekene wurde yn de regionale taalfarianten. De gemeente wreidet it Frysk yn har eigen organisaasje fierder út. Sa kinne de sosjale media en de gemeentlike webside gâns ferbettere wurde. De jongerein sit op de sosjale media en brûkt dêr it Frysk, de gemeente benaderet har dêr dan ek yn de eigen taal. De jongerein jout hjir it goeie foarbyld.

By eintsjebeslút: eveneminten wurde benammen troch frijwilligers organisearre. Dy wurde oerstjalpe mei regels. De FNP wol dus minder regels foar eveneminten.

De sifers út de Taalatlas 2020 binne dúdlik: 60-70% fan de ynwenners fan De Fryske Marren hat it Frysk as memmetaal, 80-90% ferstiet it. Mar it Nederlânsk is in slûchslimme konkurrint. It Frysk kin faker oan it wurd komme yn De Fryske Marren. Kontakt mei bewenners by foarkar yn it Frysk, dus:

- op elke pagina fan de gemeentlike webside in Frysk wolkom of oare útnûging.
- de 25 meast besochte pagina's fan de gemeentlike webside twatalich, dus ek hielendal Frysk.
- persoanlik op it gemeentehûs, benammen ek de resepsje, begjint yn it Frysk.
- foar nij persoanlik jildt as betingst dat se Frysk ferstean kinne, of dat sa gau mooglik leare.

De gemeente befoarderet kultuer en eveneminten en it Frysk safolle mooglik, bygelyks:

- stipe foar doarpshuzen en ferieningen.
- subsydje foar Fryske kultuerprojekten. Lykas neamd graach in grut projekt wêryn't fan benammen âlderen de ferhalen optekene wurde yn de regionale taalfarianten lykas it Lemsters, Gaasterlânsk, Jousters en sa. Dêrmei wurde sawol de eardere kultuer as de dêrby brûkte taal en útspraak bewarre en trochjûn.
- ynfopanielen yn doarpen en stêd oer skiednis en kultuer mei op syn minst 50% Frysk.
- Frysk lâns de iepenbiere dyk, ûnder brêgen, op gebouwen en sa, at de kâns him foardocht by ferfanging, promoasje, ferkiezings, ensfh.
- promoasje fan twatalige pjutteboartersplakken en trijetalich basisûnderwiis by skoallen en âlden.
- stimulearring (ek finansjeel) fan it fak Frysk en Frysk as fiertaal yn alle foarmen fan ûnderwiis.

DE ROMTE IS ÚS GOUD

Passe op de romte en de natoer dy't wy hawwe.

Lit ús foarsichtich omgean mei de romte en de natoer dy't wy hawwe. Wy binne dêrom foar inisjativen dy't liede ta it stimulearjen fan sirkulêre lânbou, behâld fan de natoer, blomrike bermen, beamwallen, ensfh. Wy hawwe ek in opdracht om duorsumer te wurden: sa tinke wy bygelyks oan akwatermy, monofergisters, lytse wynmûnen en alles dat bydraacht om de útstjit fan CO2 te ferminderjen. We binne tsjin it brûken fan gewaaksbeskermingsmiddels troch boargers en boeren, dy't de sûnens fan de leefomjouwing oantaaste.

Om it bûtengebied rom te hâlden moatte yndustry, grutte fakânsjeparken, wentebou en sinnepanielen dêr opkeard wurde. Wy wolle de hoarizon frij hâlde.

De skries is it ultieme symboal fan ús leechlizzende greiden. We stypje it Oanfalsplan SKRIES.

Wy binne tsjin yngrepen dy't skea dogge oan de eigenheid fan de Iselmar, sa as nije grutte sânwinprojekten.

Lit ús ek it tsjuster hoedzje. De FNP wol dat in ljochtbeliedsplan makke wurdt, sa dat ljochthinder fan bygelyks reklame beheind wurde kin. De FNP stiet der op oan dat de gemeente har bliuwend aktyf ynset om de ljochthinder fan de wynmûnen yn de Noardeastpolder en Iselmar te beheinen.

Wy tankje ús lânskip oan ús foarâlden. Mei troch de boeren is Fryslân in woltierige provinsje wurden. Mar de skaalfergrutting en produksje tsjin in sa leech mooglike kostpriis hat, docht no bliken, tefolle gefolgen dy't ûnakseptabel binne. In soad boeren sykje wol nei oare wegen, mar de regels feroarje elk momint. In langetermynplan en dus dúdlikheid is krekt wichtich.

De FNP wol graach meitinke yn de omskeakeling. Aktueel is de problematyk oangeande it ferheegjen fan de wetterstân yn it Feangreideprogramma.

De FNP is tsjin negative effekten fan de lânbou. Gewaaksbeskermingsmiddels, sa as dy by ferskate foarmen fan ikkerbou tapast wurde, meie yn alle gefallen net brûkt wurde flakby wenningen of doarpen. Dêrom tusken it bouverseel en wenningen in buffersône yn rjochtsje konfoarm de RIVM rjochtlinen, wêryn it ferbean is boppesteande middels te brûken. De FNP sit der boppe op, om it safier te krijen dat de omwenners yn alle gefallen gjin sûnensskea hawwe.

Wiis binne we mei de skries en oare greidefûgels, sy binne ôfhinklik fan it boerelân. Goed greidebehear moat dizze greidefûgels rêde. Gearwurking mei boeren en natoerorganisaasjes is wichtich. It oanfalsplan SKRIES makket it foar boeren mooglik om ta in better fertsjinmodel te kommen. De FNP freget de gemeente te sykjen nei geskikte gebieten yn it fean.

Wy hoedzje de romte en it eachweid. Sawol oer it lân as oer de Iselmar. Der komme hieltiten mear obstakels yn it sicht. Rom sicht, dat it each ûnbehindere oer it gea gliidzje kin, dat gunne wy ek oan de generaasjes dy't nei ús komme.

It tsjuster is in kearnwearde foar in kwalitatyf goede leefomjouwing. Ljochthinder troch bedriuwgebouwen, reklame, stâlen en eventueel strjitferljochting wolle wy foarkomme.



WENJE WÊR'T WY WENJE WOLLE

Foarrang foar ynwenners en Friezen om utens.

De FNP hat in Oanfalsplan Wenjen ûntwikkele om de wenningneed oan te pakken.

In Frysk Startersmodel foar keapwenten: foarrang foar ynwenners en Friezen om utens.

De grûn bliuwt fan de gemeente, en de gemeente finansiert 30% fan de wenning mei.

By ferkeap bliuwt it hûs beskikber foar de doelgroep.

Hierwenten: ek wer foarrang foar ynwenners en Friezen om utens. Dernjonken moat mei faasje boud wurde foar spesifike doelgroepen, tink benammen ek oan fatsoenlike húsfêsting foar statushâlders en arbeidsmigranten.

It belied op it mêd fan wenjen yn Fryslân is fêstrûn. Dêr binne in soad oarsaken foar oan te wizen: de lege rinte, te min nijbou yn de krisis fan sa'n tsien jier lyn, ynvestearders en twadde wente-eigners dy't mei in soad oerwearde en goedkeap liend jild derfoar soargje dat de huzepriizen omheech giselje.

It gefolch is wenningneed foar starters, foar de âlderein, dy't graach yn de eigen mienskip bliuwt yn in lytsere wente en ek foar flechtlingen, foar arbeidsmigranten. De 'wenningmerk' docht foar tefolle minsken syn wurk net.

Dêrom hat de FNP it [Oanfalsplan Wenjen](#) ûntwikkele:

Utrôle fan it Frysk Startersmodel fan de FNP:

- In húsfêstingsferoarding yn ús gemeente;
- Spesifyk belied foar statushâlders, arbeidsmigranten en studinten;
- Untmoedigjen fan twadde wenningbesit en toeristyske ferhier;
- Skrassen fan de ferhierdersheffing;
- Strakke prestaasje-ôfspraken mei de wenningkorporaasje.

It Frysk Startersmodel útlein:

- Foarrang foar ynwenners en Friezen om utens;
- Foarrang foar starters en trochstreamers út in hierwenning;
- De grûn bliuwt fan de gemeente;
- De gemeente finansiert 30% fan de wenning mei;
- By ferkeap bliuwt it hûs beskikber foar de doelgroep.



Fansels allinnich bou fan betelbere, duorsume wenten. En hjirby wurdt ek rekken hâlden mei klimaatferoaring, dus each foar de omjouwing fan wenten. Bygelyks beammen en grien en opfang foar reinwetter yn nije wenwiken.

BOUWE NEI AARD, SKAAL EN KARAKTER!



WY LIBJE YN SOLIDARITEIT

Each foar elkoar.

Jongeren, âlderen, minsken dy't harsels net goed rêde kinne en minsken mei in smelle beurs ha ferlet fan ekstra omtinken by alles wat de gemeente docht. De gemeente hannelet dêr nei: minder burokrasy, mear ta stipe wêze en ien oansprekpunt.

Om te begjinnen kinne de gemeentlike lêsten ferdield wurde oer 12 moanne. Krekt sa as jo dat kinne by de hypoteek of hier, foar it gas of elektra of by oare abonneminten. Ferdiele oer 12 terminen is gewoan better, júst ek foar de minsken mei in lytse beurs.

De gemeente makket wurk fan it foarkommen fan sûnensproblemen fan jongerein en âlderen. It sosjale isolemint soe oppakt wurde kinne neffens Fryske foarbyldprojekten. Dêrneist omtinken foar sosjale feiligens en ferkearsfeiligens. By ljocht-, lûd- en stankhinder hanthavenet de gemeente neffens de noarmen.

Sosjaal isolemint of iensumens is folkssykte nûmer ien ûnder de âlderein, mar bewenners fan alle leeftiden bedarje yn dy fûke. Iensumens kin sawol ta psychyske as lichamelike problemen liede. Hoe earder it probleem werkend en oanpakt wurdt, hoe lytser de skea. De gemeente siket út wat se dwaan kin om sosjale isolaasje te ferhelpen en te foarkommen. Der binne Fryske foarbyldprojekten en tink bygelyks ek oan goede berikberens fan in sosjaal fangnet en de earder neamde stipe foar doarpshûzen en foar ferieningen.

In twadde oandachtspunt fan de gemeente is de sûnens. Beweging helpt sûnensproblemen te foarkommen of te ferminderjen. De gemeente kin dêrta sykje nei mear bewegingsmooglikheden yn de iepenbiere romte. Sa as kuier- en fytspaden by de doarpen, mei regelmjittich in bankje. Wa wit is in bewegingsparkoers op iisbanen mooglik. Ek soe socht wurde moatte nei sportmooglikheden foar de jongerein yn de iepen romte, in ekstra kitesurfplak, skatebanen, ensfh.

De gemeente stipet sport en sportferieningen safolle mooglik mei foarsjenningen en subsydjes. Dêrby wurdt der om tocht dat alle ferieningen in evenredich part krije. Alle jild moat net bedarje by in grut kompleks op ien plak.

De FNP is der foar dat sport fergees wurdt foar bern oant en mei 13 jier.

Elkenien kin yn De Fryske Marren wêze wa't hy/sy is. Wy binne mei ynachtnimming fan de wetten frij te dwaan wat wy wolle. Frijheid giet mei ferantwurdlikheid. We moatte net allinnich foar ús eigen frijheid soargje, mar ek foar dy fan de oaren. Wy wolle dat elk him frij bewege kin yn de iepenbiere romte. Dat elk him yn sosjaal opsicht feilich fielt by ús ferieningen en doarpshûzen, op ús sportfjilden. De gemeente makket gjin ferskil tusken minsken en stiet noed foar elk, lit ús dat as ynwenners sels ek sa dwaan.

Wy wolle dat ús gemeente ferkearsfeilich is foar ús bern, ús bernsbern, ús famylje, ús buorlju en foar ússels. It ferkear soarget foar in soad frustraasje. De gemeente kin ek nei oplossingen sjen, sa as sebrapaden of mear ferkearsmaatregels op drokke diken. Ek it ûnderhâld fan trottoirs, kuier- en fytspaden moat better sadat minsken dêr gjin gefaar rinne. Ferbreiding fan trochgeande fytspaden yn ferbân mei E-bikes, scootmobilen en 3-tsjillige fytsen kin ek op de list.



UTDAGINGEN OP KOMST: IT KLIMAAT!

Fermindering CO2

We stribje nei in nije ekonomy, nei duorsum en sirkulêr. No wurdt de fersmoarging net berekkene yn de kostpriis, dat moat tenei wol. Groei stiet net mear foarop, it giet om better. Sa lang't wy hjir wenje ha wy yn Fryslân alle war dien om de natoer te betwingen. We hawwe ús lân bedike en sleatten en kanalen groeven om feilich te wenjen. We hawwe it ferkavele om hieltiten mear lân brûke te kinnen. De lêste iuw ha wy ús rjochte op it mear: mear fruchten fan de bou, mear molke fan de kij. We ha hieltiten mear produsearre, mear iten, mear hûzen, mear masines en hieltyd grutter. Dat moast ek, der kamen hieltiten mear minsken.

Mar alles wat wy diene foar de kost, lânbou, yndustry, hannel, wie sûnder te witten wat it effekt op de natoer en it miljeu wie. De skea is no sa grut dat it net mear kin. It roer moat om. Us metoaden, masines, alles wat wy benutte by de produksje fan iten en guod moat omboud wurde nei ynklusyf, duorsum en skjin. Yn de nije ekonomy is allegearre wurk oan de winkel. Wy jouwe it jild net mear út oan it âlde fersmoargjende produkt mar ynvestearje yn it nije dat de takomst hat en in soad wurkgelegenheid jout. Dat jout kânsen om nije, duorsume, sirkulêre, natoerynklyse bedriuwichheid te ûntwikkeljen en te genietsjen fan griene frije tiid. In kâns ek om dêrmei it jild, de fertsjinst, yn de eigen gemeente te hâlden.

Enerzjytransysje

We stribje nei in duorsume en betelbere enerzjylevering foar alle ynwenners, ek foar bewenners fan lytse doarpen en buorskippen. Dus, gjin gaswinning yn ús gemeente. Minder enerzjy brûke stiet nûmer ien. De gemeente stimulearret it isolearjen al jierren en de FNP wol dit fol faasje trochsette. It gemeentlike projekt Tûk Wenjen is dêr ûnder oare foar oprjochte.

Grutte doarpen kinne mooglik akwatermy brûke, op guon plakken is restwaarmte te brûken, beide fia netwurken. Mar it plattelân, lytse doarpen en buorskippen binne op dit stuit oanwiisd op yndividuele oplossingen, bygelyks in waarmtepomp. Us each is op de monofergister fallen; dat kin foar lytse doarpen en mienskippen in goed alternatyf wêze. It is allegearre sterk yn ûntwikkeling. Faaks komme der mear mooglikheden, alle opsjes sille dan lykweardich besjoen wurde.

We wolle de enerzjy-omskeakeling hiel graach sa benutte, dat it jild dat oan enerzjy fertsjinne wurdt yn de gemeente bliuwt en dat sawol bewenners as ûndernimmers dêrfan profitearje. Yn dat ramt tinke wy oan de enerzjykoöperaasjes, omdat je dan de partisipaasje fan elk garandearje. In soad bewenners sille it isolearjen sels yn hannen nimme, en op in soad plakken sil de waarmtepomp ynset wurde moatte. It soe moai wêze as fia de enerzjykoöperaasjes kollektive goedkeape ynkeap regele wurde kin.

De FNP siket lykas de gemeente fierder nei alternativen, as immen in goed idee hat hearre wy dat graach.



Feangreide

We slute oan by it advys fan de Provinsje en stribje nei in heger wetterpeil yn it feangebiet yn oerlis mei de bewenners. Us gemeente bestiet foar in grut part út fean. It wetterpeil moat omheech omdat it fean no ynklint en dat levert in soad CO₂-útstjit op.

Guon ynwenners ha skea oan de fundearring fan har huzen fanwegen de lege wetterstân fan de lêste jierren. Net allinnich yn 'e feangreide, rûnom op 'e feangrûn kin dat foarkomme, sa ek op 'e Lemmer. De ynwenners ha swierrichheden, dêr't mooglik gemeentlike stipe by nedich is.

De peilferheging hat grutte ympakt op de bedriuwsfiering fan de boeren dy't op it fean buorkje. Ek hjir jildt: de boeren sille nei oare wegen sykje moatte, en de mienskip sil har op in reële wize stypje moatte by dy omskeakeling. Sûnder goede prizen foar harren produkten kin de lânbou net bestean bliuwe.



KANDIDATELIST GEMEENTERIEDSFERKIEZINGS 2022

1 Gerda de Vries-Suierveld	De Jouwer	17 Auke Bijlsma	Terherne
2 Jan Volbeda	Aldegea	18 Wijtze Boomsma	Balk
3 Jeltsje Piersma	Nijemardum	19 Geert v.d. Schaaf	Langwar
4 Jochum Meester	Sint Jânsgea	20 Sibbele Sikkes	Terkaple
5 Remboud v. Iddekinge	De Lemmer	21 Piet Salverda	Aldemardum
6 Wouter Wouda	De Jouwer	22 Janke de Jonge-Kampen	Sint Nyk
7 Wiebe Hoekstra	Sint Jânsgea	23 Gerrit Meinema	De Lemmer
8 Sander Mollema	Nijemardum	24 Hein Boersma	Sint Nyk
9 Janke de Vries	Dunegea	25 Kees van Strien	Balk
10 Jelmer Quartel	De Jouwer	26 Elly Bouwhuis	De Jouwer
11 Chris van Hes	De Jouwer	27 Jan Westra	Sint Nyk
12 Auke Swart	Balk	28 Herke Bijker	Ousterhaule
13 Baukje Miedema	Murns	29 Jan Hettinga	Aldehaske
14 Harry de Wolff	Aldehaske	30 Egbert de Jong	Sint Nyk
15 Durk Durksz	Vegelinsoard	31 Tjepke v.d. Honing	De Jouwer
16 Arjen de Ree	De Jouwer	32 Johannes v.d. Pal	De Lemmer



defryskemarren.fnp.frl



[instagram.com/fnpdfm](https://www.instagram.com/fnpdfm)



[facebook.com/FNPDFM](https://www.facebook.com/FNPDFM)



twitter.com/fnpdfm



De Fryske Marren